

# PERSBERICHT



Nummer: 126 TB  
Datum: 19 november 2024

## Provincie in beroep bij vergunningverlening gasboringen Waddenzee

Verwacht wordt dat minister Hermans van Klimaat en Groene Groei op basis van de uitspraak van de Raad van State voor 1 januari 2025 een besluit zal nemen of ze vergunning(en) verleent voor het boren naar gas onder de Waddenzee. Er is in Fryslân geen draagvlak voor deze boringen die vanaf de vaste wal bij Ternaard zouden moeten plaatsvinden. Mocht de minister overgaan tot vergunningverlening dan gaat het provinciebestuur in beroep bij de rechter. Dat hebben Gedeputeerde Staten (GS) van Fryslân vandaag besloten.

Gedeputeerde Friso Douwstra: *“Het provinciebestuur heeft zich net als andere lokale overheden, omwonenden en belanghebbenden de afgelopen jaren meermaals uitgesproken tegen gaswinning onder de Waddenzee. Er is aanhoudende zorg over gevolgen en risico’s voor inwoners van Fryslân, de natuurwaarden, het klimaat, de bodem, verzilting en de status van het Unesco-werelderfgoed. Gasboringen onder de Waddenzee of in Fryslân? Doe het niet! Mocht de minister toch anders besluiten dan is het instellen van beroep bij de Raad van State wat ons betreft een logische volgende stap.”*

### Mogelijke faciliteren van een stichting

GS hebben vandaag ook besloten om de beroepsgang van andere belanghebbenden te willen faciliteren. GS willen met Wetterskip Fryslân middelen inzetten voor een op te richten stichting om belanghebbende partijen een stem en de juridische mogelijkheid te geven om zelfstandig beroep in te dienen. Hiermee zou dan een extra spoor van rechtsbescherming kunnen ontstaan. Provinciale Staten worden gevraagd of zij wensen en bedenkingen bij het faciliteren van een dergelijke stichting hebben.

Nûmer: 126 TB  
Datum: 19 novimber 2024

## Provincie yn berop by fergunningferliening gasboarrings Waadsee

Ferwachte wurdt dat minister Hermans fan Klimaat en Groene Groei op basis fan de útspraak fan de Ried fan Steat foar 1 jannewaris 2025 in beslút nimme sil oft se fergunning(en) ferlient foar it boarjen nei gas ûnder de Waadsee. Der is yn Fryslân gjin draachflak foar dizze boarrings dy't fan de fêste wâl by Ternaard ôf plakfine moatte soene. Mocht de minister oergean ta fergunningferliening dan giet it provinsjebestjoer yn berop by de rjochter. Dat hawwe Deputearre Steaten (DS) fan Fryslân hjoed besletten.

Deputearre Friso Douwstra: *“It provinsjebestjoer hat him lykas oare lokale oerheden, omwenners en belanghawwenden de ôfrûne jierren meardere kearen útsprutsen tsjin gaswinning ûnder de Waadsee. Der is oanhâldende soarch oer gefolgen en risiko's foar ynwenners fan Fryslân, de natuerwearden, it klimaat, de boaiem, fersilting en de status fan it Unesco-wrâlderfgoed. Gasboarringen ûnder de Waadsee of yn Fryslân? Doch it net! Mocht de minister dochs oars beslute dan is it ynstellen fan berop by de Ried fan Steat wat ús oanbelanget in logyske folgjende stap.”*

### Mooglike fasilitearjen fan in stichting

DS hawwe hjoed ek besletten om de beropsgong fan oare belanghawwenden fasilitearje te wollen. DS wolle mei Wetterskip Fryslân middels ynsette foar in op te rjochtsjen stichting om belanghawwende partijen in stim en de juridyske mooglikheid te jaan om selsstannich berop yn te tsjinjen. Hjirmei soe dan in ekstra spoar fan rjochtsbeskerming ûntstean kinne. Provinsjale Steaten wurde frege oft sy winsken en betinkingen by it fasilitearjen fan sa'n stichting hawwe.